

Tiden ha tiden

in programma fan Bennie Huisman
Sjonger – Ferhalenferteller – Skriuwer

Doe 't pake noch feint wie en beppe noch faam..., doe gyngen se tegearre nei it fleanfeest op it Hearrenfean om mei tsientûzenen oaren in minske fleanen te sjen: Clemens van Maasdijk. Santich jier letter fleach pake sels foar it earst, nei Súd-Afrika, om de emigrearde famylje op te sykjen.

Myn earste pakesizzer hat yn de earste fjouwer moannen fan har libben al mear flein as myn pake oait.

Ik bin fan krekt nei de oarloch en sit dêr tusken yn. As ik weromsjoch wit ik noch út eigen ûnderfining wol wat oer de wrâld dêr't pake yn opgroeide. Ik ha sels ek gâns dingen feroarjen sjoen en faak tocht: it sil myn tiid wol duorje. Om no fêst te stellen dat dyselde dingen al diel fan myn libben binne.

Tagelyk tink ik soms al in glimp te sjen fan wêr't it hinnegiet en hoe 't myn pakesizzer opgroeie sil.

It is yn in soad opsichten better wurden, mar 'de minske sels' ?

'Altyd wat nijs en selden wat goeds...', placht ús mem dan te sizzen.



Tiden ha tiden

- set *doe* & *no* & *aanst?* - neist inoar
- is boartlik & relativearjend
- wurdt krûde mei humor & sentimint
- is beskikber fan 1 oktober 2015 ôf
- hat net in spesjaal poadium nedich
- is meartalich:
- de lietsjes binne yn it frysk, it nederlâns & it stedfrysk
- begelieding: piano & akkordeon
- de ferhalen: ôf yn it frysk, ôf yn it nederlâns, nei kar
- in digitale piano kin ik meinimme, lûdsfersterking: idem
- hat in basispriis fan € 180,-, alles ynbegrepen
- by in smelle beurs: kin altyd even praat wurde mei:



Bennie Huisman, Herenwal 3, 8441 AZ It Hearrenfean

www.benniehuisman.nl / info@benniehuisman.nl

05130-625667 / 06-29155260